Port Betaald
Port Payé
Pays-Bas

K R I T E N I J S



Winterskoft 2022 – 2023
nr. 2; desimber 2022

Ôfstj.: Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen

Frysk Folksliet

Frysk bloed tsjoch op! [1] Wol no ris brûze en siede,
en bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
it Fryske lân fol eare en rom.

Refrein:
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Hoe ek fan oermacht, need en see betrutsen, [2]
oerâlde, leave Fryske grûn,
nea waard dy fêste, taaie bân ferbrutsen,
dy't Friezen oan har lân ferbûn.

Refrein

Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare,
syn namme en taal, syn frije sin;
syn wurd wie wet; rjocht, sljocht [3] en trou syn leare,
en twang, fan wa ek, stie it tsjin.

Refrein

Trochloftich [4] folk fan dizze âlde namme,
wês jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme
in grien, in krêftich bloeiend leat!

Refrein

[1] tsjoch op = bliuw net stilstean
[2] betrutsen = yn gefaar brocht
[3] sljocht = ienfâldich
[4] trochloftich = Holl.: doorluchtig

Earebyld Grou;
Dr. Eeltsje Halbertsma

'De âlde Friezen'
ferzje Halbertsma/
Van Loon

Kolofon

Gearstalling bestjoer5

Foarsitter: Teatske Haanstra, Nic. Beetslaan 1 B2, 9405 BB Assen, tel. 0592 344920; teabosma@hetnet.nl
Skriuwer: Hans Groenhof, Broeklaan 56, 9405 AN Assen, tel. 0592 352932; hansenmetje@home.nl
Ponghâlder: Douwe de Beer, Jan Palachweg 101, 9403 JT Assen, tel. 06 1016 6002; ddb@planet.nl - Bankrekken fan de Krite: NL 78 RABO 0310 108 233
Leden: Sjoege Wiersma, Metje Groenhof, Renny Monsma.

Redaksje Kritenijs

Redaksje-adres: Anje Hoogland (typwurk en layout) - Rolderdingspillaan 36, 9451 GB Rolde, tel. 0592 373555; anjehoogland50@hotmail.com
Jan Toering (korreksje- en oersetwurk) - Gersthullen 29, 9403 WK Assen, tell. 0592 370102; j.toering29@gmail.com
Meiwurkers oan it Kritenijs (oer it algemien): bestjoersleden – Jeltje Geertsma – Sjoukje Jansma – Anne Veenstra – redaksjeleden

Kontaktpersoanen en/of adressen

- Lede-administraasje: Sjoukje Jansma-Mozes, Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen, tel. 0592 354238
- Toanielklup: Teatske Haanstra, tel. 0592 344920
- Ferfier nei Hooghalen: Hans Groenhof, tel. 0592 352932; b.g.g. Teatske Haanstra, tel. 0592 344920

Oare adressen

It Frysk Boun om Utens; www.fryskbutenfryslan.frl
skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
Keatsen: Gerrit Elzenga, tel. 06 2668 8684
www.heitelan.nl (stêden en doarpen)
www.afuk.frl
www.itnijs.frl: digitaal blêd (nijs út Fryslân en de wrâld)

Ynhâld

1 Nammen en adressen
2 Advertinsjes + wiisheid
3 Derbûten
4 Ferskaat
5 Fryske krite: hoe fierder?
6 Utnûging stamppotbuffet 6-1
7 Bûterwaach en nôtbeurs
8 ferfolch + Ha jo it al heard
9 ferfolch Ha jo it al heard
10 Fraachpetear
11 ferfolch + ferskaat
12 It sit allegear yn de namme
13 Puzel + ferhaal
14 ferfolch ferhaal
15 Advertinsjes
16 Bûsboekje/ferskaat (+op 'e omslach)

Geef uw fiets een onderhoudsbeurt

Dealer van
SPARTA-RIH

B. Franke
TWEEWIELERS

Groningerstraat 266 • Assen • 0592 344237

Friese-producten.nl
Online Friese kado's

Webwinkel met meer
dan 500 Friese artikelen.
Vandaag besteld,
overmorgen in huis!

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

www.friese-producten.nl
06-53259385

in slak **en in hazze**
hawwe op ’e selde dei âldjier

VANVEEN
TANDPROTHETISCHE PRAKTIJK

BERRY VAN VEEN
TANDPROTHETICUS

Mr. P.J. Troelstralaan 257
9406 BA Assen

0592 26 89 89
info@tppvanveen.nl
www.tppvanveen.nl

Derbûten

“Ôfskied”

Ôfskied nimme is mei sêfte fingers, wat foarby is, tichtdwaan en ferpakke yn de goede tinzen fan it oantinken.

It wurd ôfskied is in bytsje in swier wurd, mar dochs nimme wy û.o. op 31 desimber ôfskie fan dit jier. De tiid fljocht foarby en foar’t wy der erch yn ha is it al wer krysttiid (it liket wol at wy de brot fan kryst noch mar krekt opromme ha). It liket ek wol as de tiid hurder giet at je âlder binne, mar neat is minder wier: de klok tikket noch like hurd as 100 jier ferlyn. Allinnich, wy belibje de tiid oars.

Ek nimme wy ôfskie fan it blêd dat wer fan de beam waait, al bliuwt it diskear wat langer hingjen. ‘Der moat in nachtfroast oerhinne’, sei ús mem, ‘dan giet it flugger’. Doe’t ik fan ’e moarn (2 desimber) te rinnen wie, fleagen my de blêden om ’e holle, hearlik! De kleuren wienen sa moai, mar ek dat feroaret; ôfskie nimme. Mar jo witte dat soks ta-komm’ jier wer werom komt.

Ôfskie nimme kin ek fan wat jo foar in wike as wat lyn lichaamlik noch wol koenen, mar no net mear. En dan spilet de âlderdom soms ek mei. Mar ik hoopje dat by jim dochs it glês healfol is. Winston Churchill sei eartiids ‘dat de pessimist de swierrichheid yn elke gelegenheid sjocht en de optimist sjocht kânsen yn elke swierrichheid’. Makliker sein dan dien, ik wit it.

Ôfskied nimme fan minsken om ús hinne. Dat is in ôfskied dat we net graach dogge. It is in ôskied foar altyd. Wat je bewarje is de prachtige tiid, de noflike petearen, de earm om dy hinne, de dikke tút, it der wêzen fan dyjinge. Ek dat ôfskied hat miskien by jim west yn dit jier.

Ik wol hjirby neame, dat Jaap Bakker op 30 novimber ’22 ferstoarn is yn de âldens fan 94 jier. Fertrietlik nijs. Wat hat Jaap Bakker ek wat betsjut foar Us Memmetaal. Altyd oan-wêzich mei in fleurige toan, sawol yn syn wêzen as mei syn muzyk (lûkpûde). In toaniel-spiler yn ieren en sinen. En wat ha wy wat ôflake mei Jaap. Lit ús de moaie oantinkens oan Jaap bewarje. Gooitske: kondolearre mei dit ferlies en wy as bestjoer winskje dy en dyn (berns)bern in soad sterkte ta yn dizze drege tiid.

Ôfskie nimme … Tink foaral oan it moaie, it goede, it leave en oan de wûnderlike natoer, dy’t wy hân ha yn it jier 2022 en betink de moaiste oantinkens oan minsken dy’t wy fer-lern ha.

Ik winskje jim allegear it allerbêste ta en sûnens yn 2023.

Groetnis,
Teatske

Freed 7 oktober l.l.

Nei de miene gearkomste hat **Jaap Klimstra** ús fermaaklik in hiel soad ferteld oer it libben fan Sibbeltsje. Oer har hat er in boek skreaun. Sibbeltsje wie berne mei in mankemint oan de heupe, mar waard in o sa krigele frou.
It boek ferrast en fermakket fan begjin oant ein. Klimstra ferstiet de keunst om minsken en situaasjes ta libben komme te litten.

Jaap Klimstra

(neiskrift: yn it Kritenijs fan septimber stiet *Klimsma*; dat moat wêze: Klimstra) *Anje*

Limerick
In âld wyfke út 'e finne
koe net sa goed mear rinne.
Boadskipjen wie altiten lijen,
se wie de doar net út te krijen.
Mar doe kaam de elektryske fyts,
dè oplossing foar muoike Wyts
Net mear oer de ofstân stinne,
hja fljocht no oeral hinne. *(Sytske Rispens)*

Stout
Wylst Lysbeth (5) oandachtich nei myn fuotten (mei wat spatieren derop) sjocht, freget se: "Beppe, wa hat dat op dyn fuotten skreaun!?"

Damp
Johanne fytst mei lytse Piter foarop en Martsje efterop troch de moarnsdize. Martsje freget: "Mem, wêrom swit de wrâld sa?"

Skoech
Mem freget oan Jeltsje (2) wat se fan Sinterklaas yn har skoech ha wol. Mei djippe tearen yn 'e foarholle tinkt Jeltsje nei en seit dan: "Sokken!"

Fryske Krite Us Memmetaal 1930 – ??

Wat wie it in hiele muoite om út Fryslân wei te gean en jo omfierrens nei wenjen te setten! In oar hûs, oar wurk, oare minsken en in oare taal. Dat wie allegear net maklik, it moast och sa wenne. Wat wie it doe moai dat der Fryske minsken wienen dy't betochten dat it goed wêze soe dat je elkoar moetsje kinne! Gesellich byinoar sitte en prate yn it Frysk, fertelle hoe't it wrakseljen wie yn jo nije wurk, dat mem boadskippen dwaan moast yn it 'Hollands' en dat jo de famylje dy't efterbleaun wie sa misten, ensafuorthinne.

Dat in hiele protte Friezen om utens hjir nocht oan en ferlet fan hienen, die wol bliken út de ledestop dy't der kaam by ús Krite.
Der waarden û.o. jûnen mei muzyk, dûns en toaniel organisearre. De Fryske sporten kamen ek oer de grins nei Drinte ta en waarden fanatyk beoefene. Der kamen bern en sa stadichoan kaam de oare taal yn 'e hûs. Geandewei waarden wy wat thús yn it 'bûtenlân".
Us Fryske Krite 'Us Memmetaal', hat jim dêr al hast *92 jier mei fernuvere*. De measte manlju wurkje net mear, de bern binne de doar út en ha sels bern krige en binne gjin Friezen om utens mear. Se binne woartele yn Drinte, dêr bûten of earne oars yn de wrâld. Mar sy ha it sa dreech net hân as jim. Troch de kompjûter, tillefoan en oare digitale middels komt de wrâld no by harren yn 'e hûs.

Us Fryske Krite tinnet no aardich út wat it tal leden oanbelanget. Oan de iene kant reitsje minsken út de tiid, oaren kinne it net mear opbringe om der op út te gean; en oan de oare kant komt der gjin nije 'oanwinst'. De needsaak dy't der eartiids wie om by de Krite te gean, is der no net mear. En sadwaande nimt it lede-oantal sa njonkelytsen ôf.
Hat dat konsekwinsjes? **Ja.**
Om foar jim in jûnprogram te organisearjen binne der minsken bûten Drinte nedich en dy kostje hjoed de dei in protte jild. De sealhier giet alle jierren omheech en om de jûn dan rûn te krijen mei it oantal leden dat dan komt, jout in protte kopsoargen, foaral finansjeel. En de koroana-pandemy hat gjin goed dien oan it regelmjittich nei Hooghalen takommen. De sleet is der wat út …

Hoe geane wy fierder? Wolle wy noch graach byelkoar komme om Frysk te praten en elkoar te moetsjen? Geane wy troch mei in ledegearkomste, it stamppotbuffet en ien gesellige middei yn 'e maitiid? Of sille wy ophâlde mei ús Krite yn maaie/juny takom jier en tinke wy werom oan de hiele moaie tiid dy't de Krite foar ús betsjut hat en prate der noflik oer ûnder het genot fan in moaie kofjetafel?
Wy, as bestjoer soenen hiel graach witte wolle hoe't jim hjir as leden oer tinke.
Miskien ha jim noch wol oare opsjes. Pak de tillefoan en belje mei Hans of Teatske (tel. resp. 0592-352932 / 0592 – 344920), of set it op de mail (as jo omgean kinne mei de kompjûter).
Wy hearre graach jo miening **foar 31 decimber o.s.**

Groetnis,
it bestjoer

STAMPPOTBUFFET 2023

Oh, wat sjocht it der wer lekker út!!

ÚTNÛGING

op freed 6 jannewaris 2023, 17.00 oere

kinne jim der fan genietsje yn it Haolerhoes yn Hooghalen.
Dizze hearlike iterij kostet **€ 22,50** de man/frou en dêr ha jo foar:
- in slokje, trije soarten stamppotten mei fleis en soer, in neigesetsje en oan 'e ein in lekker bakje kofje of tee en in protte geselligens.

Moai om ek eltsenien dan in noflik en foaral sûn 2023 ta te winskjen!
Fansels sjonge wy noch wat Fryske ferskes.

Opjaan kin oant en mei 2 jannewaris 2023
by Metje Groenhof (06-4007 1573) of Douwe de Beer (06-1016 6002)
Ek kinne jo it by harren melde as jo in dieet ha of as jo mei immen meiride wolle. **Betelje** kin op rekkennûmer: NL 78 RABO 0310 1082 33.
Jim (ek net-leden!) binne **fan herte wolkom om 17.00 oere!**

Wy (as bestjoer) sizze: **at jo kinne, kom dêr dan hinne,**
foar in hapke en in drankje en in moai Frysk sankje.

Metje, Renny, Sjoege, Teatske, Douwe en Hans

Bûterwaach en nôtbeurs

1

2

Yn myn Koartsweachster en Gordykster jierren stie op ’e hoeke fan de Haadstrjitte en de Brouwerswâl de grutte meubelwinkel fan Numan. De famylje siet al sûnt 25 maart 1939 yn it pân mei in iuwenâlde tsjinst, doe’t Witte Numan de earste paadsljochter waard.
De Koartsweachster Kompanjons hawwe it histoaryske pleisterplak yn de santjinde iuw bouwe litten en it is yn de fiere omkriten ferneamd wurden as hotel-kafee-restaurant ‘De Koornbeurs’ (2).
‘De Koornbeurs’ wie fan âlds ien fan de wichtichste moetingssintrums. Untelbere kearen binne dêr op de boppeseal, dy’t yn 1867 boppe de hannelsromte kaam, gearkomsten en útfieringen holden.
It meast bjusterbaarlike hichtepunt fan alle happenings wie wol de flamjende, opswypkjende taspraak, dy’t de radikale dûmny Domela Nieuwenhuis dêr op dy iiskâlde novimberjûn yn 1882 hold foar de stienearme feanarbeiders.

De Koartsweachster reade foarman Rindert van Zinderen Bakker wie it slagge om de man nei De Gordyk te heljen om sa wer wat kerl en stôk te krijen yn de sleau rekken wurkleazen út de Beetster polder, de heidefjilden en sânflakten. Fan hein en fier kamen de arbeiders op fersliten klompen en learzens mei stienkâlde fuotten nei De Gordyk. Yn de roman *Stiefmoeder Aarde* hat de skriuwer Theun de Vries in soart omstanners-ferslach fan Van Zinderen Bakker brûkt mei wat ûnûntkombere literêre frijheden: “Op de grote dag trekken ploegen volk door de witte polder, ze komen uit alle krotten en hutten, zelfs het kleinste gehucht staat mensen af, alles steekt schuins over naar Gorredijk, al op de middag begint het reizen”.

Spitigernôch hawwe der ferskate ûnnatuerlike ferfoarmingen fan ‘De Koornbeurs’ west.
Lokkich wurdt de negative faze folge troch in romrofte werstart yn 2004, doe’t de renovearre ‘Koornbeurs’ offisjeel iepene waard. Sier en tier binne der oan dien trochdat de histoaryske wearde derfan ynsjoen is.

De Gordyk krige yn 1694 it rjocht om in wykmerk te hâlden. Yn de achttjinde iuw joech it op woansdei in soad drokte yn ’e strjitten fan De Gordyk troch de oanfier fan nôt en boekweit. De hannel stelde safolle foar, dat de notearrings fan De Gordyk sels yn Amsterdam mei grutte saaklike ynteresse folge waarden.

Fan 7 augustus 1882 ôf, de dei wêrop't de earste tram fan It Hearrenfean nei De Gordyk ried, wie 'De Vlecke' op it grutte ferkear oansletten en naam de warberens en drokte flink ta. By 'De Koornbeurs' wie in stasjon. De bûtermerk bloeide sa, dat prizen útloofd waarden foar de meast oanfierde bûter. De earste bûterwaach wie yn 'De Koornbeurs' festige. Pas jierren letter waard er oerpleatst nei de Tsjerkewâl (1).

Yn 1869 waard De Gordyk oansletten op it telegraafferkear, de telefoan kaam pas nei de iuwwikseling.
Om oer in sa goed mooglik plan foar de bou fan it waachgebou en it prachtich eagjende post- en telegraafkantoar (1) te beskikken, waard in priisfraach útskreaun. It plan fan J. van Beek fan Utert waard bekroand. Op 5 augustus 1875 folge de oanbesteging. Egbert Roel Kuipers fan It Hearrenfean waard it wurk gund foar f 21.720,-- (sa'n 10.000 euro!)

Anne

Ha jo it al heard ……

- dat it "En nu oprotten" fan famylje Reid de Jong kaam. Mei dy wurden wie tradisjoneel de Strontrace úteinset, wêrmei't kowedong fan Warkum nei Warmond (Sûd-Hollân) brocht wurdt. Dielnimmers krigen der kribels fan yn 'e búk en lieten sa no en dan in "spanningspoepke".

- dat nei in jier ôfwêzichheid de Strontrace werom is. It is foar it earst sûnder Reid de Jong, de betinker en grûnlizzer fan de race. Hy stoar yn novimber ferline jier, yn 'e âldens fan 86 jier. "In hiel gemis". Op spesjale wize waard der omtinken oan him jûn.

- dat de Oekraynske flechtlingen by sportkompleks De Steense yn sjalets yn Wolvegea in oar plak krije. Tsien Oekraïners ferhúzje nei de Heerenveenseweg en santjin oaren ha al in plak krigen yn wen-units oan de Stellingenweg yn Oldeholtpea.

- dat der wer jage wurde mei op hazzen, fazanten, wylde einen en houtdowen. Nei't in earder Faunabehearsplan net oan de easken foldie, moast der in nije komme. Dy is no goedkard troch Deputearre Steaten.

- dat yn Fryslân in soad Oekraynske flechtlingen wenje, mar wylst de oarloch noch yn folle gang is, wenje der noch hieltyd Friezen yn Oekraïne. Jorrit Schreuder fan Beetstersweach is sa'n Fries om utens. De kommende tiid docht hy syn ferhaal by Omrop Fryslân.

Omrop Fryslân

- dat de wolf tefolle slachtoffers makket yn Fryslân en dêrom aktyf bejage wurde moat. In romme mearderheid yn Provinsjale Steaten fan Fryslân stimde foar de moasje: ‘Fee yn de greide’ fan it CDA en de VVD.

- dat op 28 maaie 1932 om 13.02 oere it lêste stik fan de Ofslútdyk sletten waard. Om dat te fieren waard in betinkingsmunt slein. Njoggentich jier letter komt dy peinje op dyselde Ofslútdyk werom yn hannen fan in Ligthart. Want ... syn oerpake wurke yn de jierren ’30 by de oanlis fan dat ymposante bouwurk.

- dat yn Stynsgea sûnt 2018 al 25 katten ferdwûn binne. Guon binne fergiftige weromfûn, fan oaren ûntbrekt elk spoar. Riemie Kamminga en Sanne de Haan ha noed oer de fermiste bisten.

- dat de stjerretafel fan Wier de ‘Nacht van de Nacht’ tsjusterder ha wol. Yn Wier wurdt in nachttún iepene, dêr kinne je op in heuvel mei de stjerretafel eksakt sjen wat der oan de himel te sjen is. Dat is ek it boadskip fan de Friese Milieu Federatie yn de ‘Nacht van de Nacht’. “Der is noch fierstente folle ljochtfersmoarging”, seit Johan Dirk van der Schaaf fan de federaasje.

- dat Landschapsbeheer Friesland in projekt ôfslute koe, wêrmei’t 100 kilometer oan houtwâlen en elzesingels, 37 puollen en 12 bunder oan boskjes opknapt binne. It projekt hat yn totaal 2,6 miljoen euro koste.

- Sa lang as ús de bûter op ’e tomme raant, sil’t wol gean. (Sa lang as wy libje)

- Lit jins ljocht foar de minsken skine, mar set der gjin fergrutglês foar.

Myn Nijjierswinsk:

Folle lok yn’t Nije Jier.
Al hast it net altyd foar de wyn,
gean it dochs fleurich en blier,
hoopjend, leavjend, leauwend yn.

Mei de hertlike groetnis
fan Jan fan Beets

Fraachpetear mei Wietske Eizenga

Op ús Kritegearkomste yn oktober joech Wietske te kennen, sy hie gjin beswier tsjin in fraachpetear; dat sadwaande socht ik har op yn har moai appartemint, dêr't sy mei har freondinne byinoar wenje. Wietske is berne yn 1942 op in pleats yn Surhústerfean as twadde bern en iennichst dochter mei trije bruorren.

Sy hie in protte freondinnen, mar spitigernôch gongen dy nei in oare skoalle as sy. Grifformeard en herfoarme rûnen yn dy tiid kwa libbensbeskôging noch frijwat útinoar. Wietske koe eins wol nei de mulo, mar mem fûn it better dat sy nei de húshâldskoalle gie. Sy moast doe op 'e fyts yn sa'n trije kertier nei Droegeham. Doe't se dêr klear wie, woe mem har thús ha, mar sy hie har foarnommen om út 'e hûs te gean. Mar ... earst thús en by oare húshâldings oan it wurk.

Omdat sy mear woe as allinne húshâldkunde, folge sy in oplieding foar kûpeuze en krige doe in plak op in naaiatelier. Dochs it tempo dêr wie foar har te heech. Sy socht oar wurk en koe yn Grins yn it Diakonessehûs oan 'e slach en wie dêr yntern. Yn 1965/66 gie se mei in freondinne nei Utert yn in fersoargingstehûs as húshâldlike help. Sy hold de keamers fan de bewenners skjin. Yn dy tiid helle sy ek har swimdiploma.
Har freondinne krige ferkearing en Wietske gie wer nei hûs. Mem bliid, mar net foar lang. Wietske helle har rydbewiis en koe yntern yn 'e keuken fan it Talmahûs yn Feanwâlden oan 'e slach. Sy moast de bewenners fan iten foarsjen: deminte âlderen, dat fûn sy machtich moai wurk. Dat foel in ferpleger op en dy rette har oan en gean yn oplieding foar ferpleechster. Wurkje en leare dat gie hiel goed. En ... dêr learde sy Martha kennen.
Om fierder te kommen die se noch in ferfolchkursus; se gongen mei fjouwer froulju mei de trein nei Súdhorn en hiene ûnderweis in protte wille. Nei it heljen fan it diploma koene sy en Martha as liedingjaanden op in eigen ôfdieling oan it wurk en dat hawwe se op ferskate plakken dien. It lêst yn Assen yn Nij Graswyk by deminte âlderen, mar dêrnei woene beide freondinnen wat oars. Martha gie yn de psychiatry yn Súdlaren, mar Wietske woe altyd al graach yn in stedswyk aktyf wêze, al slagge dat fuortdaliks net. Earst hat se noch twa jier yn de Wijde Blik wurke, letter as sikefersoarchster yn Assen-West. Dat hat sy 25 jier mei in soad nocht dien en dêr ek stazjêres oplaat.

Yn Graswyk wennen sy beide yntern mei elk in eigen keamer, mar doe ek woene sy earne oars. Se lieten har ynskriuwe foar in flat yn Assen-Noard. Mar kochten yn 1986 in frijsteand hûs yn it Westerpark. It wie in wente mei in protte efterstallich ûnderhâld, dat se yn 'e rin fan de jierren opknappe lieten. Dêr hawwe se 35 jier wenne, doe wie it hûs op 'e nij oan grut ûnderhâld ta. En dêr hiene se gjin nocht mear oan. Boppedat krige Wietske problemen mei har sûnens. Se woe wat minder wurkje, mar dêr wie gjin kâns op. Sy koe net oars as har ôfkeure litte, mar dat hie gâns fuotten yn 'e ierde. Dat slagge pas yn 2000, twa jier earder as har pensjoen.

It túnwurk waard Martha oermânsk, dat sy woene omsjen nei in appartemint. Om wat nei ’t sin te finen foel harren net ta, oant Martha har broer harren wiisde op in te bouwen kompleks oan de Vredeveldsewei. Doe wiene se it gau iens, dêr woene sy beide wol hinne en sa wenje se dêr al wer trije jier.
Wietske siet ek op in sjongkoar, doe’t de stim minder waard, is se der mei opholden. Mei Martha hat se hiel wat busreizen makke, dwers troch Europa en se wiene ek noch by famylje yn Kanada. Fierders mei Wietske graach lêze en tegearre geane se ek sa faak as it kin te fytsen en te kuierjen. Noch mar krekt in pear jier yn Assen waard Wietske lid fan de Fryske Krite, noch yn ’e tiid fan Bellevue, en dêr hat se ek mei toanielspile. Troch har ûngeregelde wurktsjinsten hat se betanke, mar sûnt har pensjoen, ek al wer fyftjin jier lyn, is se wer lid.

Jeltje Geertsma

Utdrukkings om oan te foljen (antwurden ûnderoan dizze side)

1. Sa skier as …..…..…
2. Sa leaf as ……..….
3. Sa sêft as ……..
4. Sa smoarch as in ……..
5. Sa taai as …..……...
6. Sa kâld as ..……
7. Sa fet as ..……
8. Sa glêd as ..…….

Bokwerters

Het is onvoeg zo veel er wordt vergrijmd. We zullen allen toch meer moeten avezeren om het miljeu te verbeteren, anders komt het op de kop verkeerd. De een is daar trouwens weet hoe fanatiek mee doende, een ander vindt het een hele toer of heeft het niet aan tijd. Ons pake zegt: “Het valt wel wat toe, zo gauw gaan we niet naar de barre-biesjes”.

Noch efkes wachtsje

Keimpe is trije jier en hy sil in nacht útfanhûs by pake en beppe. Net omdat syn âlden fuort moatte, mar om it út te probearjen, foar ’t gefal it ris nedich is. By pake en beppe dogge se it iene spultsje nei it oare. Keimpe fynt alles prachtich, oant er op bêd moat. It is jannewaris, al lang tsjuster. Keimpe seit ynienen beret: “Ik wol allinnich mar útfanhûs as it ljocht is.” No, fan in nacht bliuwe kin gjin sprake mear wêze: hy wol nei syn eigen bêd ta.
Op ’e weromreis nei syn âlden hat Keimpe it heechste wurd. Beppe: “Wannear silst no wier in kear by ús útfanhûs? Ast grut bist?”. “Ja, beppe, at ik achttjin bin!”, belooft er ... Tsjin dy tiid sil beppe him dat fêst noch wolris yn ’t sin bringe. ☺

Inkelde antwurden by de Fryske útdrukkings:

1. in doffert/in murd/Yfke/de mist
2. poes
3. in laam/in mol/side/bûter/ferwiel
4. baarch/tyk/dweil/drint/dyk
5. in murd/hynstehier/lear
6. in kikkert/in bok/ iis/in bot
7. in slak/in baarch/spek/modder
8. in iel/in ikel/in bikkel/sjippe

It sit allegear yn de namme

Sulowarda, Balsma, Cardinaal, Boeklage, Bast, Te Felde, Ongering, Padieske, Ruurda, Dooijema, Personius, Duizendstra, Sevensma, Heerpels, Slim, Koekoek, Zwikstra, Bens, Deliaantje, Friskje, Jiezeltje, Ydigje, Lammertje, Niese, Palkjen, Tjebbetje, Ailgert, Boreas, Duije, Frens, Hains, Jekele, Lasker, Uneke, Ymbert …
Jo hawwe it grif al yn de gaten; it giet hjir om famyljenammen en foarnammen en se binne allegear werom te finen yn Fryslân.

Hoe't it jo giet wit ik net, mar ik fyn se prachtich, apart, koartswilich en it wurdich om my der wat mear yn te ferdjipjen. Hoe kom ik oan al dy nammen? Wolno, ik wurkje mei oan it kompjûterprojekt *https://velehanden.nl* In moaie kliber frijwilligers is op dy web-side dwaande om âlde akten fan de boargerlike stân te digitalisearjen. It doel: tagonklik meitsje foar in grutte groep minsken dy't benijd is nei de famyljeskiednis. Myn 'wurk-fjild' is de Súdwesthoeke fan Fryslân. Oan de hân fan scans fan akten, bring ik yn de kompjûter yn wat frege wurdt. It liket in ientoanich wurkje, mar ik bin der alhiel optein oer! As jo der nocht oan ha, sjoch dan ris op de oanbelangjende webside.

Doe't yn 1811 keizer Napoleon easke dat alle ynwenners fan ús lân in famyljenamme registrearje lieten, sil dat net elk nei 't sin west ha. Guon minsken smieten der mei de pet nei: wat in gemier, as de keizer fuort is, smite wy de famyljenammen ek wer fuort. En sa koe it barre dat der mei in knypeach in namme opjûn waard: Ongering, Te Felde, Stoeltje, Naaktgeboren, Leeflang, Dominee, Huis in 't Veld, Hondje, Eenshuistra, De Zwijger, De Prater en noch folle, folle mear. It betearde efkes oars mei alle aktes fan namme-oannimmen: sy gienen net yn reek op, mar bleaunen. En sa kin it wêze dat der no noch altyd Hondjes, Zwijgers en Praters omrinne.
By de Fryske foarnammen foel my wat op: hiel faak wurde jongesnammen omfoarme ta famkesnammen: Tjebbe-Tjebbetje, Pals-Palskjen, Anske-Anskjen, Lammert-Lammertje, Tamme-Tammigje, Ingle-Ingeltsje, Huite-Huitje, Dooie-Dooitske. Mar ja, soe dat yn it Nederlânsk ek net sa west ha?

Sa no en dan sit ik te nokkerjen efter myn byldskerm as ik wer wat moais tsjinkom. Ien fan de beropsnammen dy't my bybleaun is, is dat fan 'vellenblooter'. Dêr kin elkenien syn fantasy samar op loslitte en de moaiste ferhalen oer ophingje. Dochs wie it ien fan de meast smoarge beroppen dy't der mar binne en perfoarst net sûn. De 'vellenblooter' moast de wol fan de skieppefellen helje. Ynearsten barde dat troch de boel rotsje te litten, sadat de wol los liet. Letter waard bygelyks swevelnatrium brûkt. Jo kinne begripe: de stank wie net te hurdzjen! Boppedat sil der net in protte fertsjinne wêze.

Fansels hie ik wol in hiele protte sterke ferhalen ynbouwe kinnen. Dat moat mar net. Jo sille ommers mar Dooie hite. Dan soe ik jo samar misledigje kinne en dat wol ik net. Wol tocht ik: as jo in aardich putsje sykje om de kommende winter noflik thús te dwaan, ferjit dan de 'velehanden' net. Der sil in wrâld foar jo iepen gean.

Hertlike groetnis fan
Tsjutsje

Puzel

(fan Geeske Kleinstra)

1	2	3		4	5	6
7				8		
9			10			
11					12	
13		14		15		
		16				
17	18				19	
20		21		22		
23			24			
		25				

Hoarizontaal

1. foarnamme fan in Fryske skriuwer út de 17de iuw; 7. doarp yn de Noardeastpolder; 8. berchplak foar jild; 9. nei (Latyn); 10. persoanlik foarnamwurd; 11. Romanum Imperium (ôfk.); 12. Grykske letter; 13. groepen; 16. beferzen wetter; 17. militêre plysje (ôfk.); 19. Borium (ôfk.); 20. in soart kompjûterprogramma; 22. Ynternasjonale Rie foar de Romtefeart; 23. keningsstoel; 25. sliepbylden.

Fertikaal

1. gearsit; 2. Sa is it!; 3. stoomskip (ôfk.); 4. ekologysk (ôfk.); 5. diel fan de mêst; 6. dûnker; 10. achternamme fan in ferneamde Fryske skriuwer út de 17de iuw; 12. mililiter (ôfk.); 14. ûnmjitber getal; 15. S-foarm; 18. fruit; 19. bôle; 21. amfiby; 22. famkesnamme; 24. soart slide.

It keunstgebit fan pake Roode

(ferhaal fan Jabik Jans)

It sinteklazebarren yn de húshâlding fan Bert en Alice oan de Westerloane fan Broeksterwâld hie altyd tige gesellich west. “Watte? Sinteklaas? It wie by ús altiten grut feest. Mar diskear wie it bargebiten!”, sei Bert tsjin dûmny Van de Wetering. dy’t omreden fan syn funksje frege oft se in gesellige jûn hân hienen. Bert: “Nee dûmny, de twa fammen komme yn de bongeljierren en ús jonge is slim bluisterich.” Dûmny woe ha dat op kategisaasje neat te krijen wie mei de trije bern. “Als ze allemaal maar zo als die van jou waren”, heakke er der oan ta. Hy die it him wol oan tiid en sa koe Bert syn hiele ferhaal kwyt.

It wie allegearre begûn doe’t Bert syn mem, beppe Tryn, nei Talma Hûs rekke.

Doe hie Alice ornearre dat Bert syn heit, âlde Roode fan de Tienewei, sneins wol by harren waarm ite koe. Yn ’e wike krige pake it iten wol fan Tafeltje Dekje, mar dat hellet it wat kwaliteit oanbelanget lang net by in farsk sean miel. De bern hienen earst bot tsjinabbelearre, want pake woe perfoarst middeis waarm ite, wylst sy dat oan de Westerloane net wend wiene. Likegoed wie it wol trochgien, want wat Alice ienkear yn ’e holle hat, sil barre.
De earste sneins dat pake delkaam te iten, wie der by it sop iten noch net folle te rêden. Dat in slanterke fermiselje op pake syn mânske strik bedarre, mocht noch hinnebruie. Ek it ierpeliten mei in stik karbonade der by betearde bêst.
It gie lykwols mis doe’t de neigetsjes op ’e tafel kamen. Pake hie in stikje bargefleis fan de karbonade ûnder it keunstgebit krige. Hy pakte it saakje ta de mûle út en begûn der wiidweidich op om te slikjen.
Rick stompte syn suske Daphne fan fyftjin jier oan en dy koarre op slach it hiele waarm miel de tafel oer. Joyce fan hast trettjin fleach ta de keamer út en ferpofte it om werom te kommen.
Dy sneins waard it bibellêzen en it tankgebed mar oerslein. Bert lei oan syn heit út dat it gebit tenei by de tafel net mear ta de mûle út moast. As der al wat mis mei wie, dan koe pake wol efkes nei it húske rinne om it ôf te spielen.

De sneins derop hie pake it gebit foar it sopiten mar yn ’e bûse dien. “It tssmakketsts my tsaa ek bêstssttss”, hie er sein. De beide fammen hienen efkes oansjoen hoe’t pake de leppel tusken de keale kaken treau en wiene doe mar wer by de tafel weirûn. Pake krige ynstruksjes dat it sa sûnder it gebit ek net koe en dat Kukident kleefpasta miskien in oplossing wêze soe.

Dûmny knikte ryklik lang en sei: ”Ik begrijp het, maar wat is nu de link met het sinterklaasgebeuren?” Bert: “Dat komt no, dûmny, ik sil it jo útlizze”.
Doe’t de bern wat âlder waarden, hienen Bert en Alice yn de húshâlding ôfpraat om inoar presintsjes te jaan mei in gedichtsje. Fansels mocht sa’n gedichtsje ek wol wat stikelje. No is it sa dat Rick, de âldste, omraken nitelje kin. Diskear hie hy mei Sinteklaas foar elk fan syn suskes in gedicht makke oer keunstgebitten. It gie der oer dat minne tosken yn ’e genen fan de famylje sieten; dat koenen jo ommers wol sjen by pake Roode. Al foar har fyftichste soene beide fammen grif ek sa’n proteze as pake ha moatte. As presintsje hie er foar de froulje in keunstgebit fan marsepyn der by dien. Beide fammen hiene it útraasd fan lilkens en de hiele saak der hinnesmiten. De lêste pakjes en gedichten wiene net mear oan ’e oarder kaam en lizzen bleaun. Wat oars sa gesellich wêze koe, wie no fol-slein bedoarn.
“It is wat, dûmny”, sei Bert, “de fammen prate al dagen net mear mei Rick. It is oarloch by ús yn ’t fermidden. Ik moat noch sjen oft ik se ankom snein meikrije kin nei tsjerke”.
Dûmny wachte efkes doe’t Bert útpraat wie. Hy makke it ek wol mei dat âldere minsken it gebit ta de mûle úthellen as er op húsbesyk kaam. Jo koenen der op dat stuit wol fan grize, mar op jierdeibesites hienen jo wol wer in ferhaal. “Ik denk dat jouw kinderen er over een aantal jaren smakelijk om zullen lachen”, sa sei er.
Dêr siet wat yn en dêr koe Bert it mar wer mei dwaan.

Dorpshuis ’t Haolerhoes is bij uitstek geschikt voor:

- feesten en partijen,
- vergaderen (beamer en laptop aanwezig),
- bijeenkomsten.

Zaalruimten groot en klein naar keuze.
Ruime parkeergelegenheid.

't haoler hoes

Praktisch alles is mogelijk.
Vraag vrijblijvend inlichtingen bij de beheerder.

Tel. 0593 – 592340 - b.g.g. 06 – 10144987
Stengelinstraat 18, 9414 AV Hooghalen

Om yn jo bûsboekje te setten

Freed 6 jannewaris 2023
Assen e.o.: ’t Haolerhoes, Hooghalen: stamppotbuffet
17.00 oere (sjoch side 6).

Freed 20 jannewaris
Swol, De Weijenbelt: nijjiersmiddei mei û.o. ferhalefertelster
Sytske Ypenga-Keulen. 14.30 oere.

Sneon 28 jannewaris
Hurderwyk, Kiekmure: ACTA-teater mei ‘It komt wer foar ’t ljocht’. 15.00 oere.

Sneon 11 maart
Swol, De Weijenbelt: it selskip Friaz, 14.30 oere

Sneon 18 maart
Hurderwyk, Kiekmure: PRO REGE mei blijspul ‘Yn ’e keetring’. 15.00 oere.

Sneon 25 maart
FBoU/Sékrite, Boerkok yn Lelystêd: Alg. gearkomste + Moetings- enYnspiraasjedei + optreden. 10.30 oere.

Wiisheden
- As men de skoaljierren hân hat, moat men ris fiks oan it learen.
- Meiinoar laitsje is de koartste ferbining tusken twa minsken.
- Rikeljus sykten en earmeljus pankoeken rûke fier.
- As dwaan net doocht, is litten better.
- Koarte wurden en dy fêst, slute bêst.

Ik winskje elkenien in moaie wintertiid!

Waarme groetnis fan *Anje*

Kopij foar it maartnûmer kin oant en mei sneon
18 febrewaris 2023 ynlevere wurde by de redaksje

SPESJAALSAAK
H. Witting & Zn
- sûnt 1876 -
Huodden - Petten - Moade-aksessoires
Oosterstraat 51 Grins
050 3121180

In dei frij

Foarhinne wie it lestich om in dei frij te nimmen.
Twa meiwurkers fan in bedriuw sitte te krimmenearjen op it wurk. Hja soenen sa graach ris in dei frij nimme, mar de baas hat al it ferlof útsteld, om't der tefolle wurk is.
Ynienen spat ien fan de twa oerein. "Ik wit in manier om inkele dagen ferlof te krijen", ropt er. "Hoe dan?", freget de oare. De man sjocht gau om him hinne – neat te sjen, gjin sjef. Hy klimt op syn buro, hellet inkele tegels út it falske plafond en klimt yn it gat. Dan slacht er de fuotten oer in metalen piip, lit him sakje en hinget sa mei de holle nei ûnderen ta.

Yn inkele sekonden stiet de baas der. "Wat is hjir te rêden?" wol er batsk witte.
"Ik bin in lampe", seit de man.

"Ik tink datsto dy in bytsje ferarbeide hast.
Meitsje datst fuortkomst en dat is in befel. Ik wol dy hjir op syn minst in wike net sjen".
"Ja, menear de baas", anderet de man hiel nuetam.
Hy springt nei ûnderen en ferdwynt troch de doar.

De twadde man giet stean en rint ek gau nei de doar ta.
"Hela, wêr sil dat hinne?", freget de sjef.
"Nei hûs ta. Ik kin net wurkje yn it tsjuster …".

Ien stjer
makket de swarte loft minder driigjend.
Ien kears
makket de nacht minder tsjuster.

Ien hân
makket it paad minder iensum.
Ien stim
makket de dei minder stil.

Ien fonk
kin it begjin fan nij fjoer wêze.
Ien noat
it begjin fan in liet.
Ien winsk
it begjin fan in nij jier.

Meitsje en doch moaie, nije dingen en op nei 2023!